

Taspraak Ultsje Hosper

Nijjiersgearsit FNP, 3 jannewaris 2015 yn Post Plaza, Ljouwert.

NB De sprutsen tekst jildt !

Bêste minsken, bêste leden fan de FNP, freonen,

Ut namme fan it Haadbestjoer fan de FNP wol ik jim allegearre Folle Lok, Sûnens en Seine yn 2015 tawinskeje, sawol foar jim sels, jim partners, famylje en freonen. En fansels hoopje wy ek dat it in goed jier wurdt foar de FNP en foar Fryslân.

Jim hawwe fansels bûten foar de doar fan Post Plaza it Byldmerk Fryslân sjoen. Hjir is de lêste wiken hiel wat mei omtoarke. Ald jiersploegen dy't hawwe menoar bekonkurrearre om dit Byldmerk en it is troch de plysje út Easterein helle. Mar hjir foar de Nijjiersgearthomst fan de FNP is it Byldmerk Fryslân te plak.

Wy hawwe as FNP in tige drok, mar goed jier efter de rêch. Earst wiene dêr de gemeenteriedsferkiezing op 19 maart. Dat is goed slagge; wy hawwe fjouwer sitten wûn en nei't de FNP yn de Gemeente De Fryske Marren by de weryndielingsferkiezings yn novimber 2013 al de grutste partij wurden wie, slagge it de FNP no ek yn Achtkarspelen en Kollumerlân de grutste partij te wurden. Ek by de kolleezje-ûnderhannelings is it oer it generaal goed gien. De FNP sit no mei tsien wethâlders yn njoggen gemeenten yn it Kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders. De FNP lit in stadige groei sjen en is neffens de lêste gemeenteriedsferkiezings no de tredde politike partij fan Fryslân.

De diskusje yn Fryslân waard yn it ôfrûne jier behearske troch wynmûnen. Yn jierren binne der net sokke fûle dikusjes fierd oer de mooglike plakken wêr't wynturbines pleats wurde koene. Yn tal fan gearkomsten, benammen yn de gearkomsten organisearre troch de Rezjygroep 'Fryslân foar de Wyn', de Ljouwerter Krante en de Provinsje Fryslân, waard fûleindich diskusearre. Ek yn de parse, foar radio- en televyzje en yn ynstjoerde stikken, wiene 'wynturbines' de lêste moannen in deistich ûnderwerp. Yn dizze diskusje spile de FNP in wichtige rol en sa kaam de FNP gauris yn it nijs. Boppedat hat Omrop Fryslân in neffens ús in tige nijsgjirrige dokumentaire oer de FNP makke, dy't ek lanlik útstjoerd is.

Uteinlik hiene Provinsjale Steaten op 17 desimber it lêste wurd oer de wynturbines.

It stânpunt fan de FNP wie fan it begjin ôf helder: De trije plakken sa't dy neamd wurde yn it Kolleezje-akkoard; Lâns Ofslútdyk/Iselmar, Kop Ofslútdyk en Bedriuwepark it Hearrefean. Dit is troch ús leden yn de ekstra gearkomst op 11 oktober befêstige. Dat stânpunt is troch it Kolleezje ein oktober oernaam, wêrby It Hearrenfean as reservelokaasje oanmurken waard.

Friezen wurde, sawol yn as bûten de provinsje, benammen heechachte om harren betrouberens; 'in man in man, in wurd, in wurd'. Hjoed-de-dei soe men sizze kinne dat 'betrouberens, in kearnwearde fan de Friezen is'. Dat jildt sawol yn it neikommen fan ôfspraken tusken minsken, wurkjouwers en wurknimmers en yn freonskippen en relaasjes.

Mar blykber jildt soks net yn de polityk en benammen net yn it wynturbine-debat.

- It CDA is al trije kear fan stânpunt feroare en hat ek oer it beslút fan 17 desimber in ôfwikende útlis.
- De PvdA-fraksje hat ek mei in amendemint fan de opposysje meistimt, sadat ek doarpsmûnen mooglik wurde.
- De Rezjygroep Fryslân foar de Wyn soe allinnich mei plannen mei foldwaande draachflak komme; dan soene der allinnich doarpmûnen yn Reduzum en Dearsom komme kinne. Mar sy kamen mei it plan om alle wynmûnen op it fêstelân te pleatsen.
- En It Fryske Gea keas, yn tsjinstelling ta harren enkète ûnder de leden (dy't yn grut meartal foar pleatsing lâns de Ofslútdyk en yn de Iselmar wiene), foar de pleatsing fan alle wynturbines op it fêstelân. Mar mooglik hat dit der mei te krijen dat harren ponghâlder Johannes Houtsma, tagelyk de projektlieder fan de wynmûne-ûndernimmers is.

It beswier fan de gemeente Súdwest Fryslân tsjin it Wynpark Iselmar docht frjemd oan. It foarrige kolleezje fan Súdwest-Fryslân en ek dy earder fan Wûnseradiel en Nijefurd, hawwe jierrenlang de bou fan solitaire wynturbines troch boeren mooglik makke. Dêrtroch is hjir in wyldgroei untstien wêr't de ynwenners harren nocht fan hawwe. No't de FNP yn it kolleezje kommen is, komt men einliks ta ynkear. En dochs lit dit kolleezje har by de wjerstân fan wynturbines yn de Iselmar wer liede troch de eigners fan de syljachten en simmerwenten út de Ranestêd, ynstee fan harren eigen ynwenners út Hiddum-Houw, Koarnwerd, Surch en Makkum. Want wynturbines lâns de Ofslútdyk

komme op in ôfstân fan ien oant trije kilometer fan dizze ynwenners ynstee fan mear as seis by Wypark Fryslân.

De FNP hat it jier yn in ekstra ledegearkomst op 13 desimber ôfsletten, wêryn Annigje Toering en Johannes Kramer oanjûn hawwe wat de FNP sa al beskrypt hat yn de ôfrûne fjouwer jier as Kolleezje partij. Dat wie in yndrukwekkende list, dy't ek yn de kommende Frijbûtser publisearre wurde sil. Daliks sil Johannes syn bydrage as start foar de Steate- en Wetterskipsferkiezings jaan.

Bêste minsken, ik rop jim hjirby alfêst op yn ienriedigens dizze ferkiezingskampanje yn te gean, sadat wy de FNP op 18 maart sawol yn de Steaten as it Wetterskip op'e nij fersterkje kinne, en haw hjir alle betrouwen yn.

Ultsje Hesper
Foarsitter FNP